


Skikky



Dizze Skikky is fan: _____






Hoe âld?

In beam wurdt elk jier in bytsje dikker. Yn de maitiid groeit in beam it hurdst. De beam makket dan nij hout. Yn de simmer groeit in beam minder hurd. It hout fan de simmer krijt dêrtroch in oare kleur. In wurdt in bytsje dûnkerder. Sa ûntsteane groeiringen. Dy groei- of jieringen kinst by in beam hiel goed sjen. As in beam omseage wurdt kinst dy ringen soms telle. Sa witst ûngefear hoe âld de beam wurden is.

By bisten kinst soms ek de leeftiid riede. In walfisk krijt elk jier in nij laachje fet yn it ear en de skulp fan in moksel groeit ek elk jier in stikje. Slangen groeie altyd troch. De grutste slang is dus de âldste.



Opdracht:

Hoe kinst de leeftiid witte. Lês it ferhaaltsje goed en sykje dan it goede bist derby.

Kies út:

oaljefant, moksel, walfisk, dolfyn, hynder, slang en snoek.

1. Ik ha skubben. Ik bin in fisk. Myn skubben groeie elk jier in bytsje. Sa ûntsteane groeiringen. Krekt as by in beam.

2. Ik wikselje fiif kear yn myn libben myn kiezen. Net myn beide toskten. Myn earste kiezen wiene sa grut as lúsjeferdoaskes. De lêsten wurde sa grut as in bakstien. Oan myn kiezen kinst sjen hoe âld ik bin.

3. Ik groei yn de waadsee. Myn skulp wurdt elk jier in bytsje grutter.


4. Ik meitsje myn earen noait skjin. Ik kin der net iens by. De laachjes fet yn myn ear sizze hoe âld ik bin.

5. Troch it kôgjen fan gers slite myn toskten en kiezen. Troch nei myn toskten te sjen wit de boer ûngefear hoe âld as ik bin.

6. Ik groei altyd troch. Soms krij ik hielendal nij fel omdat it âlde net mear past. Hoe grutter, hoe âlder.

7. Ik krij elk jier in nij laachje op myn toskten. Ik lykje op in fisk mar ik bin it net. Troch de laachjes te tellen kinne se yn Harderwyk sjen hoe âld as ik bin.

'Hy is grif wol 100.'






Taal 2 natuer

Opdracht 1.

Op 'e pau komme wurden fan 6 letters. De lêste letter fan elk wurd stiet op syn búk. Sjoch nei de plaatsjes en skriuw de wurden goed op.



Opdracht 2.

Skriuw alle wurden noch in kear op. De wurden dy't yn it Nederlânsk en it Frysk gelyk skreaun wurde komme yn de earste rij. De wurden dy't yn it Frysk oars skreaun wurde komme yn 'e twadde.



Beammen

Beammen binne grutte planten. In beam hat woartels, in stam, tûken en blêden. Yn 'e maitiid bloeie oan in beam blommen. Yn 'e hjerst binne dy blommen fruchten wurden. De woartels soargje derfoar dat de beam stevich yn 'e grûn stiet. De gruttere woartels besteane, krekt as de stam, út hout. De lytsere woartels, soms sa tin as in hier, sûgje wetter

út 'e grûn op. Yn dat wetter sit ek it iten foar de beam. Út 'e woartels groeit de stam. Oan de stam sitte de tûken en oan de tûken de blêden of nuddels.

Blêden ha sinneljocht nedich. Dat kinst sjen as beammen ticht byinoar groeie. Allinne boppeoan sitte dan tûken mei blêden. Ûnderoan wurde de beammen keal. Want dêr komt gjin sinne.



Opdracht 1.

Beammen groeie út in siedsje of in frucht.

Kinsto de beam by de goede frucht sykje?

Kies út:

1. appelbeam
2. kastanje
3. din
4. iik
5. parrebeam
6. eskdoarn
7. spjir
8. els




| | | | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|---|---|
| 1 | 2 | 3 | 4 | 5 | 6 | 7 | 8 |
|---|---|---|---|---|---|---|---|



Skiednis 2 natuer


De houtseachmole

Yn 1594 fûn Cornelis Corneliszoon út dat je mei in wynmole ek planken seagje koene. Hy feroare it rûnddraaien fan de wjukken yn in op en del geande beweging. Dat die er mei in spesjale as, in krukas. Fanôf dat momint gie it seagjen fan planken automatysk. Dizze útfining wie foaral hiel wichtich foar de skipsbou. Fan moaie rjochte planken koene je prachtige boaten bouwe. Foar 1594 waarden planken mei de hân seage. Dat wie swier wurk en it gie net sa hurd. In beam yn planken seagje koe dagen duorje. De mole fan Cornelis ferwurke in komplette beam yn 2,5 oere. Tsjintwurdich seagje se hout mei elektryske seagen. Dat giet noch folle hurder.



Opdracht 1.

Tekenje sels in moaie houtseachmole. De mole moat wol oan it wetter stean. Yn it wetter driuwe de stammen fan de beammen.





Krúswurdpuzel

Yn de puzel sitte dizze wurden twa kear:


eagen, dream en **minút.**

Kinsto se op it goede plak sette?

Yn dizze puzel sitte: **nylon, tsien** en **ingel.**

| | | | | |
|---|--|---|--|---|
| 1 | | 2 | | 3 |
| | | | | |
| 2 | | | | |
| | | | | |
| 3 | | | | |

| | | | | |
|---|--|---|--|---|
| 1 | | 2 | | 3 |
| | | | | |
| 2 | | | | |
| | | | | |
| 3 | | | | |



Sudoku

Yn dizze sudoku brûkst de sifers 1 oant en mei 6.

Se sitte yn elke kolom, rigel en yn elk hok

| | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|
| 3 | | | | | 2 |
| | 2 | | | 3 | |
| | | 1 | 2 | | |
| | | 6 | 3 | | |
| | 5 | | | 1 | |
| 4 | | | | | 6 |